

KRYPTOGRAM 212A

Horizontaal:

1 Plak dêr't noardlike wyn weikomt (5);
 4 Dy politikus is in nasjonalist (9); 8 In rûkernij ta in goed ein bringe (7); 9 Moat in lêzer foar in boek oer ha (7); 10 Hie Anton Wachter sin om Ina werom te sjen? (5);
 11 Haad ûnderhâld (9); 13 Trijerisom ûntploaie se har op de fioele (9); 16 Energjyrike griente (4); 18 Plan yn de bus (4); 19 Dr. Vlimmen is der ien (9); 23 Tige sunige pennekeek? (9); 25 Kin mei wille folle tille (5); 26 Lytse ienheid foar drank (7); 27 Hjirtroch kont in dief yn 'e hûs (7); 28 Lêste jubileum fan Lips (9); 29 De wite Kawasaki? (5).

Fertikaal

1 Soarge foar aadlik fleis yn blik (6);
 2 Rapport oer it ferstjerrensregister (7);
 3 Dêryn wurdt troch Ljouwerters net falsk spile (7); 4 Oaljelieding (5); 5 Selsûntspanning foar bestjoerders (9); 6 Sântaartsje of fiskpastei (9); 7 Steun foar in tydlike húshâldster (8); 12 Bûtekan fan in spien (7); 14 Foto fan in jachtgewear (9); 15 Hja skinkt treast (9); 17 Ark út 'e Mennis-



te-tsjerke (8); 20 Grûnstof foar bôle út de friezer (7); 21 De lêste goal meitsje wolle (7); 22 Untsette mei tuten (6); 24 De aster hat it wûn (5).

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 1 - 9 - 23 - 25 in Fryske plaknamme.

Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan Kryptogram 212a. Of skriu dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: Kryptogram 212a.

De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **31 augustus** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in boekebon ferlotte.

BOEKENBON t.w.v. €25,-



Kryptogram 211a:

Plaknamme:
SKALSUM
 Winner Boekebon:
 Joke Goos, Dokkum